

TRYATER

TRYATER SIKET: BEWEECHFIGURANTEN

Foar de grutte lokaasjefoarstelling *Under Wetter* yn Wergea sykje Tryater en dûnsselskip Ivgi&Creben nei in lyts tal fanatike figuranten. Wurdst ynset as bewegende figurant, dus sûnder tekst. We sykje bern (7-12 jier) en 55+-ers.



Wat is dyn profyl?

- Do hast plezier yn bewegen;
- Do bist dissiplinearre;
- Do kinst bewegingsrigen ûnthâlde en opfolgje;
- Do hast in fleksibele ynstelling;
- Do fynst it moai om ûnderdiel te wêzen fan in grutte groep.



Wat biede we?

- In bysûndere ûnderfining by in grut iepenloft-teaterspektakel, mei profesjonele akteurs, dûnsers, muzikanten en meiwurkers;
- Catering op de mominten dat dit nedich is;
- Reiskostefergoeding;
- As it nedich is ferbliuw op Oerol, Skylge (yn oerlis).

Besikberheid

Bist besikber foar leafst alle foarstellingen fan *Under Wetter*. Foar bern jildt dat se of yn/by Wergea wenje en dêr meidogge òf op Skylge wenje en by Oerol meidogge. Alle data binne te finen op ús webside: <https://tryater.frl/programma/underwetter/>. Boppedat wurdt noch in tal repetysjemominten ynpland yn de jûnsoeren en yn it wykein. Dy data wurde letter bekend makke. Kinst in oantal dagen net? Wês net benaud om dy likegoed noch oan te melden. Miskien is it mooglik om dyn rol te dielen mei in oare figurant. Bist allinne op Skylge besikber (omdatst der wennest of de hiele Oerol-perioade op it eilân bist): ek dan sjogge we dyn oanmelding graach kommen.

Deadline en audysjedatum

Wy krije dyn reaksje (ynklusyf motivaasje) graach uterlik woansdei 16 febrewaris. Dêrnei krijst ynformaasje oer de audysjes, dy binne op moandei 21 febrewaris.

Oanmelde kin op de ûndersteande link:

<https://forms.gle/dogadkfygrVPiA2N7>